

## De Gouden Swipe



*Abe Brouwer*

# De Gouden Swipe

*ROMAN*



NIJE BIBLIOTEEK

© 2010 Erven Abe Brouwer

Fyftjinde printing

Ferskynd yn de rige 'Nije bibliotek', in mienskiplik projekt fan TDE:  
Tresoar, Frysk Histoarysk en Letterkundich Sintrum,  
Digitale Bibliotheek voor de Nederlandse Letteren,  
Utjouwerij Elikser

Dizze útjefte is in yntegrale werútjefte fan de tolfde printing,  
ferskynd yn 1985 by A.J. Osinga Uitgeverij te Ljouwert.

Omslachûntwerp: Hannie Pijnappels

Útjefte is mei mooglik makke troch subsidzje fan de Provinsje  
Fryslân en it JM Fonds.

ISBN 978 90 8954 180 2

NUR 344

*De Gouden Swipe* is opnommen yn de digitale bibliotek fan Tresoar en  
DBNL, sjoch [www.sirkwy.nl](http://www.sirkwy.nl) en [www.dbnl.org](http://www.dbnl.org)

Eksimplaren binne te bestellen op

[www.dbnl.org](http://www.dbnl.org)

[www.sirkwy.nl](http://www.sirkwy.nl)

[www.elikser.nl](http://www.elikser.nl)

of by de boekhannel

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn in automatisearre  
gegevensbestân en/of iepenbier makke troch middel fan print, fotokopy, mikrofilm  
of op hokfoar oare wize ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan Tresoar,  
DBNL, Utjouwerij Elikser B.V. of de rjochthawwers.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other  
means, without written permission from the publisher.

## OANRIN

Alde dûmny fertelt fan 'e úttocht út Egypte fan Israëls folk en dêrom sitte sa'n tweintich bern as mûskes sa stil en mei de eagen wiid iepen fan spanning te harkjen.

Niis binne hja as heale wylden de skoalle útstoarmjen kommen foar it fragelearen en dûmny hat harren opheind op 'e hoeke fan 'e âld stege, it húsjaske oan, rûn klotske op 'e keale plasse en de lange piip yn 'e mûle.

Rêstich glimkjend hat er syn folkje teld en dimmen binne hja him foarby stapt om dan, benei op- en oer-inoar hinne, it lokaal yn te stoarmjen en harren plak te sykjen.

No is 't fertellen en hy hâldt it folkje fêst mei syn waarme stimme, dy't harren it âlde ferhaal yn kleuren foar eagen tsjoent. Deastil sitte hja mei no en dan in blinkje nei de platen oan 't lewant, dy't der as bewiis fan it ferhaal hingje.

Dûmny fertelt . . .

'Hja komme net hurd foarút, dat folk fan Israël mei Moazes en Aäron as liederes foarop, mar hja kinne net hurder, wier net. Ja, as it allegearre jonge, sterke minsken wiene, dy't teagen nei Kanaän, it lân, dat de Heare harren tasein hat, mar der binne âlde manlju en froulju en der binne bern by en rin dan mar ris hurd – nee, dat kin net.

It soe oars wol in goed ding west hawwe, want ek al hat de Farao harren gean litten út syn lân, hja witte, dat er it die, om't er benaud wurden is fan 'e ferskriklike pleagen, hja twivelje, oft er noch net ris spyt krije sil fan syn goedens en dy goede en goedkeape slaven net weromhelje litte sil!

En ynienen, krekt foar it wetter fan de Reade See, hearre hja wat, o ja, fierôf noch, mar it komt neier en neier en Moazes seit syn bangens al út.

'Meitsje oan, myn folk! Meitsje oan! Hy komt, Farao!'

Dy rop wurdt ferstien en de minsken begjinne noch hurder te rinnen: it skrikbyld fan Farao jout nije krêft.

Jehova oanroppend, skrepe hja fierder, hurder noch as niis-

kreksa, mar och, it jout neat. As de beide lieder op in hichte steane, sjogge hja him, de Farao mei syn leger! Fierwei it grutste part is op 'e striidweinen, wêrfan de stielen platen yn 'e sinne skitterje en de hynders út 'en fjouwerjen rjocht op harren oanjeien komme.

Sil it folk fan Israël dan wer ferlieze?

Nimmen kin dit ommers hâlde, geandefoets tsjin hynders?

Wat docht in minske tsjin in fjouwerjend hynder?

Ien wein is wol tweintich jellen foar de oare! Hy is rûnom beslein mei gouden platen en oan 'e fellingen binne flymskerpe messen. Der rint in span hynders foar, dy't benei net te bedraven binne, slanke, swarte hynders en nêst de man, dy't stjoert en de leie om 'e polzen hat, stiet mar ien man – de Farao!

As er it folk fan Israël sjocht, komt der ien rop út syn mûle: 'Hurder noch!'

Mar de fuorman hoecht de lange swipe net mear oer de hynsteregen dûnsje te litten; hja fleane as in stoarm, dy hynders, keningshynders!

Nee, sokken binne net te ûntwiken, dy komme op dat earne swalkersfolk oan as . . .

Efkes wachtet dûmny, as woed er in byld sykje, dat noch kreker oantsjutte kin, hoe hurd oft hja wol rinne en yn 'e stilte en spanning, dy't der yn 't lokaal hingje, barst it út 'e mûle fan in famke:

'As Kol en Wardy!'

Tagelyk is de spanning brutsen. It famke skammet har en kriget in kleur, it foel der ommers samar út, en de bern laitsje der om. Mar nuver, de âlde dûmny laket net, mar hy knikt mei de holle en seit:

'Krekt, Aukje, dat is in goed byld. Se rinne as Kol en Wardy!

Ja, want as der ea yn Fryslân twa hynders hurd koene, dan wiene it dy beide wol, Kol en Wardy fan dyn pake Douwe Ates Wallinga!'

Dan nimt dûmny de tried fan it ferhaal wer op en de bern binne der ridlik gau wer yn, allinne Aukje Wallinga net.

Har tinzen binne no by pake Douwe en syn hynders, dêr't de portretten fan yn 'e keamer hingje, boppe de kast fol prizen, dy't pake wûn hat en dêr't er sa graach oer fertelt.

Justerjûn noch, hja siet mei him allinne yn 'e grutte foarkeamer, hat er har ferteld fan Kol en Wardy. Dêrom foel dat der samar út niis. Aukje seach se suver rinnen, dat wie mar sa, want as pake Douwe oer syn hynders op 'e tekst komt . . .

Ja, sa is it mar – Douwe Ates Wallinga en syn hynders . . .

As er oan it wurd is, dan giet er faak ynienen oerein en nei de kast en stâlt alle prizen foar har út . . . allegearre, op twa nei; dêr komt er nea oan.

It binne twa goudene swipen, de iene is stikken . . .

Aukje soe der graach nei freegje wolle; hoe't dat dochs sa is, wêrom't dy iene stikken is en wêrom't pake der nea oer praat, mar se doar net.

Benei ûnbewust fielt hja, dat der wat mei west hat, wat skrikliks, en faaks soe it pake sear dwaan der oer te praten. Mar dochs sil er it har ien kear fertelle, hja wit it!

Ien kear sil it ferhaal fan 'e Goudene Swipe sein wurde.

Douwe Ates . . .

Och, hy stiet dêr sa faak en dan tinkt er oan wat efter him leit, syn libben fan boer, grutsk en sterk, dreech en swier, mar syn geast jimmer útstegerjend boppe alles wat him benearet.

As in jong hynder is er dan, net te hâlden en alles tegruzeljend, wat him foar de poaten komt – goed en kwea, rjocht en ûnrjocht . . . ont . . .

Harkje, freonen, it Gouden-Swipes-teltsje komt . . .

## DIEL I

### 1.

It hat wykmerk west yn Dokkum. Ier en betiid hawwe de feeweinen al oer de balstiennen rattele en binne driuwers mei skiep en lammen, kij en hynders út 'e doarpen kommen om te merkjen boppe op it âlde tsjerkhôf.

De bargeweinen en hûnekarren binne efterstebek tsjin 'e âld skoalle oan riden en it heisterjen is begûn: hanneljen, lekjen, kletsen yn 'e hannen en op 't lêst it jild en in sûpke.

Om middei hinne binne de earste tilbury's oanjeien kommen en gjin oere letter hat it swart west fan reauwen, by de Wâldpoarte wat minder as by de oare.

It âlde stedsje is sa'n dei mar wat fan 'e wize, alles skrept en docht om it de bûtenlju nei 't sin te meitsjen; de mattekeapman hat syn wiif hiten de grutte kofjepot te nimmen; de winkelman hat in nije kiste grúskes iepenbrutsen en de bakkers hawwe wat mear koarstekoeke bakt as oare dagen.

De rêst komt werom as it bûtenfolk wer op hûs taset en yn 'e skimerjûn sitte yn 'e herbergen noch mar allinne in pear boeren mei harren froulju, dy't tsjotterjend en mei wat reads yn 't gleske de waarmte hâlde, wylst de boeren tsjin-inoar opswetse oer lân en fee, de sigaar tefretten tusken de toskan, de lange swipe tusken de knibbels. Ont dy ek, de iene nei de oare, wei wurde.

No stiet foar de doar it reau fan Douwe Ates Wallinga, in jonge boer út Hantum.

De feint foar it hynder hat hâlden en kearen om de fjoerige swarte yn 'e stokken te hâlden en sjocht langhalzjend nei de doar.

Dêr binne hja – Douwe en syn boerinne Lysbet, dy't benei in holle lytser is. Mei in linige set helpt hy har oer 't tsjil, set de swipe yn 'e koker, nimt de leie en seit:

'Los mar!'



Dy wurden binne benei noch net ferklonken of de swarte springt foarút. De feint kin der benei sa gau net iens foar wei komme, sa gleon is de bok, en mei in bliid wrinzgjen stoot er de Hantumerdyk út.

Op Tiltsjebuorren drave hja al in reau foarby en Douwe ropt lûd fan 'Jûn!' de hân omheech, want, ja hy is wat yn 'e sûs, sjoch. En as hja dan wer ien foarbyjeie, dan slacht er Lysbet de hân om 'e hals en tutet har.

'Dat is twa,' seit er tsjin 't hynder. 'Toe mar, Wardy, krij se mar!'

Lysbet wart him wol ôf, mar dochs, hja mei der wol oer, sa nêst har man ridend yn sa'n stjerheldere maitiidsnacht mei Wardy foar de tilbury, Wardy, dy't de púndyk hast lâns dûnset.

Mar as hja dan efkes letter wer in reau ynhelje, dan wurdt hja kjel, want de man, dy't dêr yn sit, seit laitsjend:

'Ja, myn âld guds kinst' wol foarbykomme, mar dat foske fan Wilco, dêr hast' wol oan!'

Douwe sit ynienen steil rjochtop. Hy stoarret foar him út en driigjend seit er: 'Wilco Hearema!'

En Lysbet, ynienen de spanning fielend, leit har hân op syn earm en seit:

'Wy hoege net hurder, wol, Douwe?'

Der komme mar twa wurden út Douwe syn mûle, mar dy wurde der sa skril útstaat, dat Lysbet wit wol, wêrdat dit wer op útdraaie sil.

'No krekt!' seit Douwe en tsjin 't hynder: 'Hearst' dat, Wardy? Wilco Hearema foar ús en in oar der om gnize? Dat kin net, wol?'

It is as wit Wardy wêrdat it om giet, de earen komme plat op 'e kop, it is as wurde poaten en rêch langer en noch flugger jaget it de púndyk lâns.

It ljocht fan 'e kearslampe falt heal oer Douwe' antlit en Lysbet sjocht, hoe sterk oft de spanning is, dy't oer him kommen is. Benei sûnder dat er der erch yn hat, bûcht er him fierder en fierder oer it spatboerd hinne en op dit stuit is it Lysbet as telt hja net mear mei, krekt as binne der oars net mear as boer en

hynder – boer en hynder . . . Mar dan komt der ek oer har in spanning, hja giet ek mei yn it ritme fan it op-en-del-fearjende weintsje en hja stekt ek de holle bûten de kap om te sjen, hoefolle oft hja eine.

Sa ride dy beide jellen nei jellen, neatsizzend. Der is oars neat te hearren as de izers fan Wardy syn razende tik en it kniezjen fan de tsjillen op it grint, mar ynienen – Lysbet fielt in skuor oan har earm en tagelyk heart hja Douwe:

‘Ik sjoch him! Sjoch, dêre!’

Hy wiist de tsjusternis yn.

‘Dat moat him wêze!’ raast Douwe. ‘Skuor oan, Wardy! Wy helje him yn!’

Wardy ferstiet dy rop en jout noch mear!

Stadich, mar wis helje hja it reau yn en as hja omtrint oan him ta binne, smyt Douwe ynienen it learene kleed fan him ôf, giet oerein en sa, fier bûten de kap raast er:

‘Wilco Hearema, soene wy ek efkes by dy lâns kinne? Dat gesjoksel fan dy begjint my suver yn te baarnen!’

Lysbet laket sûntsjes, mar Douwe lûdop, want hy hat wille foar twa! Ynienen heart er Wilco sizzen:

‘Dy’t der lâns wol, sjocht mar, dat er der lâns komt! Ik gean foar gjin minske út ’e wei!’ Douwe byt op ’e toskan.

‘De wei is hjir te smel en dat wit er,’ seit er tsjin Lysbet, ‘mar foarby sil ik, dêr kin er him mar klear op meitsje!’

Hy hâldt Wardy yn krekt salang ont hja op ’e hoeke binne, dêr’t de wei opswaait nei Hantumhuzen; dan seit er koart:

‘Hâld dy beet, Lysbet!’ Hy kriget de swipe, jout Wardy in lyts tikje en mei in skreau raast er: ‘Hâld sa!’

En foardat Wilco der om tinkt, is Douwe’ reau njonken him; ien amerij binne hja kamp, mar dan sjit Wardy it foske foarby!

‘No mar, swarte,’ raast Douwe, ‘nei hûs!’ En tsjin Wilco seit er spotsk: ‘Sil ’k mar sizze, datst’ mei koarten wol komste, jong?’

Wilco kriget de swipe en slacht der op, mar it jout him neat; hy heart allinne Douwe mar laitsjen, Douwe, dy’t mei ien hân Lysbet tsjin him oanlutsen hat en har dan tutet!

Hy is poer, Wilco Hearema, hy wit net, wat er dwaan sil, mar

ynienen ropt er:

'Douwe! Douwe Ates!'

Douwe lit Lysbet los en stekt syn holle bûten it reau. En dan seit Wilco driigjend:

'Wy libje beide noch, boer fan it Frijhôf, en wy moetsje inoar wer, wachtsje mar!'

Douwe heart dat oan en hâldt Wardy yn. – Wat, deale, sil dat betsjutte? Mar Lysbet seit bang:

'Net nei harkje, Douwe, toe, ik wol nei hûs!'

Hy fielt har hân op syn earm; efkes sjocht er dêr nei en dan nei har eagen, dy't him freegjend oansjogge.

'No, hawar,' seit er en jout Wardy de romte.

Sa jeie se troch de Hantumer buorren, dy't stil en ferlitten leit en der wer by del de wei út nei Brantgum.

Stapfoets ride hja it hiem op en by de skuordoarren stiet Gelf, de feint, dy't harren opwachtet en Wardy by de kop pakt.

Douwe helpt Lysbet by 't útstappen en as dy nei de foarein giet, bliuwt er noch efkes stean te harkjen. Ynienen laket er.

'Hearst' dat reau, Gelf?' freget er. 'Dat is Wilco Hearema fan 'e Fjildbuorren. Dy tocht, dat wy him net foarby koene, mar . . .' – hy slacht Wardy op it krús – 'dat ha wy him wol oars sjen litten, wat seisto oars, hen? Moatst him efkes ôfdruie, jong,' seit er noch en dan giet er de frou efternei yn 'e hûs.

In hiel skoft sitte hja noch tegearre, de jonge boer en syn boerinne, want beide hawwe wat om oer te prakkesearyen.

Yn Douwe is nêst syn wille, om't er Wilco ferslein hat, ek noch wat oars en dat hâldt ferbân mei Wilco syn útdaagjen.

Hy hie mei syn sizzen 'Wy libje beide noch, boer fan it Frijhôf!' in bedoeling en Douwe woe wol ris witte hokfoar! En Lysbet?

Och, dy soe, krekt op dizze jûn, har man sa graach wat sizze wolle, mar hja is sa bang. Der leit wat om har hinne, wat tsjusters en dat makket har sa bang.

Twa jier binne hja no troud en, och, it like allegearre sa moai, doe't hja hjir kaam – mar no . . .

Douwe syn heit hie dit alles ris witte moatten en it wie oan 'e

iene kant mar goed, dat hy der net mear wie. Douwe docht it te mâl en hja hâldt fierste folle fan him om him sizze te doarren, dat er him feroarje moat.

Hiel dizze twa jier tiids hat ien rige fan feestjen west, fan draven en merkehâlden; hy lit de pleats fertutearzje en reizget mei syn beide dravers Kol en Wardy hiel Fryslân ôf. Yn 'e pronkkeamer is in grutte, ekene kast makke mei glêzen doarren der foar, en dêr hingje withoefolle prizen yn, fan sulveren haadstellen ôf ont swipen ta, mar allinne Lysbet wit, hoe djoer oft dy betelle binne.

En dizze lêste tiden is 't alhiel mâl mei him; it liket op 't heden wol, as binne der mar twa dingen, dy't foar him betsjutting hawwe; it iene is in goudene swipe, want om dy te winnen set er alles op alles; en it oare is . . . in soan!

En dêrom is hja bang. Sil dit lêste wol sa sterk wêze, dat it oare, de swipe, yn 't twadde plak komt? Sil in bern in gouden swipe oan kinne? Sil it de muoite wurdich wêze? Mar dochs . . .

'Douwe,' seit hja sêft, 'sille wy noch efkes nei efterhûs? It is sok moai waar. Toe mar!'

Douwe sjocht har op en del oan.

'Nei efterhûs, no noch?' freget er har wer. 'Wat sil dat betsjutte?'

'Ik . . . no ja, ik woe it graach.'

Nuvere oanslaggen, tinkt er, mar, hawar, sliepen sil dochs wol neat wurde. Hja geane it bûthûs troch en komme sa op it hiem. Lysbet rint him foarby, kuiert oan 'e kamp ta en dêr bliuwt hja stean. Miljoenen stjerren hingje oan loft. Yn 'e fierte kipet de moanne om 'e Hantumer toer hinne, en struit in bleek sulveren ljocht oer huzen en pleatsen.

Efter har op 'e skuorrënaald roppe twa ûlen tsjinmekoar, ientoanich en mankelyk. Hja wit, dat dêr foar har út de melke kij yn 't lân rinne en fierderop de hynders.

Hja leit de earms op 'e hikke en efkes stiet hja dêr hiel stil – de holle omheech en de eagen doelleas . . . Dan komt Douwe by har stean en freget:

'Lysbet, wat is der?'

Syn lûd is sêfter as oars. Noch efkes stiet hja sa, mar dan tilt se de holle op en seit:

‘Douwe, as wy sûn bliuwe, dan . . . sille wy oer in jier net mear tegearre wêze . . .’

Douwe moat dit efkes ferarbeidzje – it komt wat hommels; hy stiet suver te triljen, sa sterk is it gefoel fan lok op dit stuit; hy wit sa gau net iens, wat er docht.

‘Fanke,’ seit er, ‘Lysbet!’ – En dêr bliuwt it by, ek al hied er wol gûle en sjonge wollen. Ien kear seit er noch mar sa wûnderlik sêft, dat Lysbet de triennen yn ’e eagen komme:

‘Myn soan, myn jonge . . .’

Dan geane hja yn ’e hûs, mar it is, as is alles oars en riker wurden.

En wa wit, tinkt Lysbet by harsels, sil dit nije net tagelyk foar harren in fernijing wurde. Net ien fan beiden seit mear wat datoangeande, mar yn Douwe sjongt it. Hy komt, dêr’t ik sa nei útsjoen haw, tinkt er.

No leit alles stil en ferlitten, mar in tsjustere wolk skoot op dat stuit foar de moanne lâns en smyt in donker skaad oer it Frijhôf.

Dan roppe de ûlen op ’e naald – ientoanich en mankelyk.

## 2.

Bouke Hemminga is de âldste arbeider dêr op it Frijhôf. Elts wit en sjocht wol, dat de âlde net folle mear út ’e wei sette kin, mar sis him dat net, o heden nee!

Doe’t de heit fan Douwe nei de buorren ta gie en Douwe syn wurk oernimme soe, hie hy ek wollen, dat Bouke it byltsje der mar by del lei, mar dat like Bouke op neat!

‘Tûzenris bin ik de pleats trochkrûpt,’ hied er sein, ‘en Douwe kin noch in bulte genot fan my hawwe!’

No, dat is ek útkommen: Douwe hat in bulte oan him.

Sjoch, yn namme is Douwe de boer, mar as it der op oan komt, dan is it Bouke, dy’t de died hat, syn eagen rûnom hat, krekt wit, hoe’t er mei lân en fee oan moat en boppedat it folk sizze

kin, wat hja moatte.

Moarns fiif oere, waar of gjin waar, komt er út 'e buorren nei de pleats en begjint mei it deistige wurk, boer of gjin boer, en yn 'e measte gefallen is der gjin boer, alhoewol Bouke hat syn eigen tinken dêroer, want al mei in oar sizze, dat Douwe in keardel fan neat is, in trochjeier, in boer, dy't op 't earmhûs buorket, hy, Bouke, fielt dat oars. Bouke ken de Wallinga's! Dy binne oars en dogge oars, mar boeren binne it mei hert en siel! En dêrfandinne docht er syn wurk as moast er yn Douwe syn namme de pleats bebuorkje.

Mar doe't er fan 'e moarn kommen is, hat er wat belibbe, dat yn gjin healjier bard is! De boer hat sels mei molken! Sjoch, soks docht him goed, dy âlde, en by himsels seit er:

'Hy is weromkommen! Alde Ate, hy is weromkommen, dyn soan.'

De dagen, dy't no komme, lykje wol heechtjidaden, stik foar stik! Krekt as is 't alle dagen feest, mar nimmen oars as de boer en 'e frou witte wêrom!

Benammen Douwe is it, as is dit foar him in nij begjin. As Gelf moarns de bussen fan 'e ammerrak krije sil, dan is er dochs noch lêst, want dan hinget Douwe al mei de holle ûnder de pomp en de hiele fierdere dei stiet de lea spand.

Sels hat er yn dizze dagen de Achteheal en de Krûme Seize meand mei de nije masine en hy wit net fan rêst, dat Bouke hat it op 't heden net sa drok en dêr is er bliid om, want no sit der wer bestjoer yn 'e boel. Dat sil harren ek wol fan pas komme, no't de ûngetiid foar de doar stiet.

Ungetiid, foar it boerefolk sa'n wylde rite, dêr't elk yn jachtsje en skreppe moat om de hûngerige skuorre om te tsjoenen ta in rêstich en foldien foarrie-stee!

Dy hiele rite ferrint no sûnder tsjinstuiten; yn fjouwer wike is alles berêden en binne de beide Wâldsers al wer op reis nei hûs. No hawwe minsken en hynders wer wat lins, no kin it folk op syn âlventritichst de bou syn gerak jaan en de boer sels kin nei 't moarnsbuorkjen wer ris mei in boadskip nei de smid of de weinmakker en stean dan op 'e boppebuorren in skoft mei oare

boeren te praten.

No hat er mear liddige tiid en tagelyk komme dan wer de tinzen by him op oer syn soan, want dat de earste in jonge wêze sil, stiet bûten kiif! By de Wallinga's hat de earste jimmer in soan wêst; elk kin it neilêze op it foarblêd fan 'e Bibel. Der steane fan trije stagen her de nammen fan 'e Wallinga's op skreaun en de earsten hjitte ôf Douwe ôf Ate.

Der libbet bûten Douwe noch ien Wallinga, reade Ids, in âldfeint en eigenierde boer op Medwert by Holwert. Fan dy Ids hat nimmen ea hichte krije kinnen. It praat giet – en Douwe' mem hat him der wolris wat fan ferteld –, dat it in nuvere bruier west hat, dy't him benei yn syn jonge jierren ferslingere hat oan in arbeidersfanke. De famylje hat der noch-al wat tusken sitten en no libbet er mei in húshâldster. Douwe wit, dat er goed buorket, mar hja hawwe net folle omgong mei-inoar. Ja, de Wallinga's binne in frjemd skaai, mar se rêde it ivich en altiten wer op, gjin minske, dy't ea ien yn 'e ûnderwâl sjoen hat.

En Douwe is ek net bang. Hy laket om en hat de gek mei it libben, no benammen! As hy der mar is, syn soan, dan sil er foldien wêze en dan komt al it oare fansels.

Dit hie heit nochris belibje moatten, in genamt, wat soed er dêr mâl mei west hawwe! Heit, ja, Douwe sil nea de wurden ferjitte, dy't er spriek, doe't hy, Douwe, it spul oer krige. It wie yn 'e iere maitiid, dat hja, fan notaris ôf, yn 'e pronkkeamer sieten tegearre. Hy wie gjin man fan folle wurden, mar sjochsa hied er it sein:

'No is 't safier, Douwe – no hast' ús heite erf oerkrigen en do krigest it, frij fan lêsten lyk as de namme seit: Frijhôf! Earen hat hjir in stins stien, de stins fan 'e Wallinga's en der wiene trije dingen yn har libben, dêr moast alles foar wike, dy giene harren boppe alles en dat wiene: frijdom, gruttens en eare!'

Mear hat er doe net sein, âlde Ate, mar dy pear wurden kin Douwe nea ferjitte en dêrom komme se him no ek wer yn 't sin. Boppe alles te stean! Frij te wêzen! As in kening op jins spul te wenjen!

Soms lykwols, twivelt er oan himsels: hy wit net, oft er wol sa folslein wêze kin as syn âlden en foarâlden. Dy bleauwen jimmer deselden, sterk en geef; harren wurd stie! En by him hat dat der wol ris oan. O, wis, der binne tiden genôch, dat er him kening fielt, benammen fan 't simmer, mar it bart faak, dat der nei sa'n rite wat oars oer him komt, in frjemd en ûnrêstich gefoel, dat syn bloed opjaget en him alhiel yn 'e macht kriget. En dat komt no ek . . .

Earst wol er net; hy wol der tsjin yn, wol net wer meisleapt wurde yn dy feart fan ûnrêst, mar it jout him neat. It wurdt al sterker en sterker en op 't langelêst dan moat er belies jaan, dan kin er net oars. As er op dit stuit ek mar wat bart, dat der op slacht, dan, hy wit it, dan is 't sa.

En op in jûn komt it . . .

Hja sitte rêstich byinoar: Lysbet sit te naaien en de faam stoppet; Gelf sneupt wat yn in boek om en Douwe sit te krantlêzen. Neat steurt de rêst, ont Douwe de krante omtart en syn each op it grut advertinsje falt oer de hjerstdraverij te Ljouwert.

Dêr is it dan! De hiele simmer hat er net taald nei draven en merken; hy hat de beide hynders wol oefene, mar gjin minske hat Kol en Wardy yn in baan sjoen en der hat neat yn him west as in stege leafde foar wurk en bedriuw. Allinne de lêste wiken hat er ûnrêstich west, tinkt Lysbet by harsels, mar hja doar neat te sizzen, bang, dat hja wat fersteure sil, mar no sjocht hja him oan en it sjit troch har hinne: it rekket wer mis! Hja moat efkes ophâlde fan har wurk en it is, as strykt der in izige wyn by har lâns.

Dan ynienen seit Douwe – en syn lûd is heas:

‘Moarn skriuw ik Wardy yn foar Ljouwert!’

Lysbet seit neat werom, mar it benearet har. Efkes sit hja rjochtop mei har tinend liif, dan bûcht hja holle en rêch.

Gelf lit syn stoel op 'e grûn ploffe. Dêr is 't al wer mis, tinkt er, mar hy seit ek neat.

‘Hearst' net, wat ik sis, Lysbet?’ freget Douwe en no moat hja wol wat sizze.



'Kin dat samar?' freget hja. Och, wat jout it ek, mar dochs giet hja fierder: 'Soe 't net better wêze en wachtsje ont takommen-de maitiid . . .?'

Mar dan, as hat er dêr op wachte, seit Douwe: 'Nee, moarn riid ik nei Ljouwert en útpraat is 't!'

Hy giet oerein en nei bûtendoar en dêre liket it wol, as wurdt er in oar minske! Hy sjocht om him hinne; it sûzet him yn 'e earen, hy is sa hyt en sa kâld. Efkes bliuwt er stean by de hikke fan 'e kamp en tinkt oan wat hja him dêr sein hat, en wat him doe sa wûndere lyts makke.

En no, noch gjin fjouwer moanne neitiid, no lit er har wer allinne . . .

'Lysbet,' flústeret er, 'fanke, ik kin net oars! Ik wit net wat my sa yn 'e macht hat!'

En dan komt it út 'e nacht op him oan en nimt besit fan him! En krektlyk as oare kearen sil it him net wer loslitte, foardat der wat gruts bart!

Mei in sprong is er oer 'e hikke fan 'e kamp, hy giet it lân yn nei de hynders. Hy is himsels net mear op dit stuit, hy kin net mear logysk tinke en libbet op dit stuit allinne nei de frjemde driuw, dy 't him besielet.

'Wardy!' ropt er, 'Wardy, kom gau dan . . .' En hy wachtet. Ynienen heart er wat en dan sjocht er de swarte merje, dy 't om him hinne begjint te draaien. Hy grypt it bist yn 'e moannen, slingeret him op 'e rêch en as fielt Wardy de driuw, hy sjit fuort, rjocht út, rjocht oan, oer halsfuorge, greppel en klaverlân, wûpsty oer 'e sleat en de wei út!

Douwe lit him stil fleane, allinne hy stjoert mei de knibbels nei de berm, nimmen hat der mei fanneden en hy wol ek neat oars hearre as it smûgjen fan it hynsteliif en it ploffen fan fjouwerjende poaten.

Sa de nacht, de swarte nacht yn, op in swart hynder, op Wardy, it keningshynder! Wêrhinne? Och, wat kin 't him skele; dêr moat sokke tiden net nei frege wurde. Wêrhinne bestiet net, it is ride en oars neat.

De beide arbeiders yn it dûbelhûs oan 'e dyk hearre him

oankommen en sjogge dêrnei, mar as it hynder harren as in spoek foarbysjit, seit de iene:

‘Dat is Douwe Ates, dy hat it wer te pakken.’

Douwe Ates hat it te pakken!

Hy kreunt it út! Dit is it libben! Hoe haw ik it dêrsûnder úthâlde kinnen? tinkt er.

Hy swaaait it Noarderleech yn en dêr op dy brede, ieuwenâlde ferkearswei mei lofts en rjochts de bou, om him de nacht en boppe him de himel, begjint er te sjongen, brokstikken fan wylde lieten en striidsangen!

Hy fielt him op dit stuit as ien fan syn foarâlden, dy moatte ek sa flein hawwe troch dagen en nachten as reuzen en keningen! Sa moat harren libben west hawwe, fleanend op wylde hyn- ders en fjochtsjend tsjin alles, wat, en elts, dy’t harren lytsman meitsje woe.

Ynienen heart er in gjalp fan in frommes. Wardy docht in sprong fan siden en sil wer útnaie, mar Douwe skuort him oan ’e moannen.

‘Ho!’ raast er. ‘Ho dan!’ Hy lit him fan ’t hynder glide, rint werom en heart dan in manljuslûd sizzen:

‘No, no sjochst’ it sels, it is de boer, sei ’k ommers al.’ En tsjin Douwe: ‘Wy wiene noch efkes de reed út, boer, it is sok ferdeald moai waar en in loopke past de frou wol.’

‘Ja,’ anderet Douwe, wat betommele: dat ferwachtet er net fan syn folk. No ja, hy ken dy lju noch net sa goed, Keimpe en Auk, de man is sont maaie by him en hja wenje op ’e Sober- hoek. Hy kin der lykwols ynkomme, dat it minske benaud wurden is: hja is like fier as Lysbet, nei’t it him taliket. Hy seit in wurdmannich datoangeande, mar al ridlik gau fielt er, it minske moat neat fan him hawwe.

‘t Is hjir wat iensum foar jo, tink,’ seit er en Keimpe andert foar har:

‘De boer moat tinke, Auk komt út in doarp en ’t is ús earste jier, dat jo begripe . . .’

‘Ja, ja,’ seit Douwe, ‘de holle der mar by hâlde, frou, faaks binne jimme it oare jier net mear tegearre’ . . . en meidat er it

seit, fielt er, dat dit deselde wurden binne, dy't Lysbet ek tsjin him sein hat.

Koart winsket er harren jûn en giet fuort, wrantelich op himsels. De beide minsken sjogge him de hikke fan 'e Krûme Seize iependwaan en dan ferdwynt er mei Wardy.

Yn 'e hûs seit Auk: 'Wat is dat in rare, frjemde keardel, Keimpe, ik woe, dat wy hjir nea kommen wiene.'

Keimpe lûkt oan 'e skouders en laket.

'Dy man rydt op syn eigen hynder, fanke, en it is syn saak, wannear't er der op ride wol.'

'No, it is aaklik,' seit hja, 'ik haw it net op him stean en do silst sjen, dêr belibje wy noch rare dingen mei!'

Dat libbet sa noch in dei of wat troch en dan, op in moarntiid, stiet Douwe op 't hiem, de skonken wiid útinoar, op Gelf te wachtsjen, dy't oan it jarjen is mei Kol en Wardy foar de jarrebak.

Sa gau sjocht Gelf him net, of hy wit, dat it mis is. En it is mis.

'Wa hat dy hiten om dy hynders te brûken?' freget er.

'Net ien,' seit Gelf, 'mar ik tocht sa . . .'

Lykwols mear tiid kriget er net om te praten.

'As de satan dy hynders der foarwei!' raast Douwe. 'Dy stringen los!' En as Gelf net al te rap is: 'Dy stringen los foar de duvel!'

Gelf seit mar neat mear en skrept om it spul los te krijen. It leit him op 'e tonge om te sizzen: 'Ferrek om my!' mar hy seit it net.

Douwe draait him om en rint nei 't bûthús. By de doar seit er noch:

'De hynders rosse, Bouke roppe en it span foar de tilbury yn 't langtiksel!'

Dan giet er it bûthús troch nei de foarein.

'Myn klean!' seit er tsjin 'e faam en noch gjin kertier letter jaget er de wei út nei Brantgum.

Om 'e hoeke fan 'e bûthúsmuorre stiet Gelf en yn 'e kamp stiet Keimpe; hja sjogge him nei . . .

Yn 'e foarkeamer stiet noch ien; dat is Lysbet . . .

Der is in djip fertriet yn har, om't hja him net tsjinhâlde kinnen hat. Safier as hja kin, eaget hja him nei.

Douwe, tinkt hja, o Douwe, en krekt no!

Der is noch ien hope yn har en dat sil har krêft jaan. Miskien sil it jonge libben, dat kommende is, ien kear sa sterk wêze, dat it kin, wat ik net kin, tinkt hja: dit wylde minskebern tsjinhâlde.

Stil sit hja dêr en de triennen dripe har oer 'e hannen.

Dan kriget immen har by de earm, Jouk, de faam.

'Kom, boerinne,' seit hja, 'net allinne bliuwe, no net.'

### 3.

No fljogge de dagen op it Frijhôf yn ien wylde rite foarby en der is nimmen, dy't it Douwe thús nei 't sin dwaan kin, mar djip yn himsels wit er, dat de fout by himsels leit, om't er der net tsjin op kin, om't it him oermastere hat!

En as dy lytse keardel op 'e pleats komt, wurdt alles noch minder, om't dy him wat doar te sizzen, wêr't er net fan werom hat.

It is in pikeur, sa'n ien, dy't hynders oefenet. Hy hat dy Auke oannommen om Wardy ree te meitsjen foar de grutte hjerst-draaverij yn Ljouwert.

Lysbet sit noch op him te wachtsjen dy jûne en as hja sjocht, hokfoar wûnder lyts mantsje der njonken Douwe de keamer ynkomt, freget hja:

'Wa . . .?'

Dan andert Douwe op in toan, dy't Lysbet wol fan him wend is:

'Dat is de man, dy't Wardy ride sil! Hy bliuwt hjir salang op 'e pleats!'

Mear seit er net en Lysbet wit, wat der fan har ferwachte wurdt: hja snijt iten en makket sels it útfanhûzersbêd ree, omdat Jouk al út 'e wei is.

Mar de oare moarns rekket it alhiel mis, want nei de earste omlopen mei Wardy foar de sulky komt de rider op Douwe ta